


DE RJochTEN EN ûNDERWIISKUNDICH FERLET FAN SIKE BERN EN JONG FOLWOEKSEnen

1. Elk siik bern of jong folwoeksene hat rjocht op ûnderwiisstipe yn it sikehûs of thús, ek as it yn it bûtelân ferbliuwt of behannele wurdt.
2. It doel fan ûnderwiisstipe foar sike bern of jong folwoeksenen is dat har ûnderwiistrjekt en dêrmei ek har rol as skoalbern/studint safolle mooglik kontinuearre wurdt.
3. Underwiisstipe yn it sikehûs wurdt sa mooglik jûn yn in groep fan bern en jong folwoeksenen, wêrtroch it deistich libben sa normaal mooglik fuortset wurdt. As it nedich is wurdt ûnderwiisstipe yndividueel of 'oan it bêd' jûn.
4. Underwiisstipe yn it sikehûs wurdt ôfstimd op it ferlet en mooglikheden fan it bern of de jong folwoeksene, yn gearwurking mei de 'thús'-skoalle, dêr't it skoalbern/studint ynskreaun stie.
5. De learomjouwing en foarsjennings wurde oanpast oan it ferlet fan sike bern of jong folwoeksenen; hjoeddeiske kommunikaasje technologyen (ICT) wurde ynset om sosjaal islomint yn 't foar te kommen.
6. In farieard pakket oan ûnderwiismetoades en (help)middels wurdt brûkt. De ynhâld giet fierder as it standerd ûnderwiisprogramma. It befettet ek ûnderwerpen dy't gearhingje mei it bysûndere ferlet, dat fuortkomt út sykte of sikehûsopname.
7. De konsulinten Underwiisstipe Sike Bern, yn sikehûs of thús, binne folslein kwalifisearre foar it ûnderwiis en krije, as dêr ferlet fan is, by- en neiskoalling.
8. De konsulinten Underwiisstipe Sike Bern dy't lesjouwe oan sike bern en jong folwoeksenen yn it sikehûs binne lid fan it multidisiplinêre soarchteam. Alle konsulinten Underwiisstipe Sike Bern – yn sikehûs en/of thús – binne de kontaktpersoan tusken it sike bern of de jong folwoeksene en de 'thús'-skoalle, dêr't it skoalbern/de studint ynskreaun stiet.
9. Alden wurde ynformearre oer it rjocht op ûnderwiis en de mooglikheden fan ûnderwiisstipe foar sike bern of jong folwoeksenen. De âlden wurde erkend as aktive en ferantwurdlike (petear)partners.
10. De yntegriteit fan sike bern en jong folwoeksenen wurdt respektarre, ynklusyf medyske fertroulike gegevens en oare persoanlike ynformaasje.

**Dit is it Hânfêst fan HOPE:
Fêststeld troch de Algemiene Ledegearkomste fan
HOPE, Barcelona – 20 maaie 2000**

Tafûging akkoardearre tidens de Algemiene
Ledegearkomste fan HOPE, Wenen – 13 maaie 2016

(Frisian version of the Charter of HOPE)



www.hospitalteachers.eu